

IT LJOCHT

As men jûns de krante lest,
Dan kin men it net litte.
Te freegjen: hoe komt dit ea wer goed.
Al dat nijs dat makket bang,
En it duorret al sa lang.
Miskien jout it sjongen fan dit liet wat moed.

Refrein:

Tink dan ris oan it ljocht dat skynt,
Wêtroch it tsjuster wis wol ferdwynt.
Alle minsken wurde bliid,
En fine wer de tiid,
Om te witten dat foar elts dy sinne skynt!

Soms dan is it libben swier,
Is it hast net te folgjen.
De fragen dy doarmje yn jin om,
En in antwurd is der net,
Hoe men jin dêr ek ta set.
Siz no earlik: dan hat men it net te rom.

Refrein

Mei de Kryst dan heart men faak,
Fan frede foar de folken.
Gjin deaslag en ek gjin moardzjen mear!
Moatte wij dêr wat oan dwaen?
Kinne wij dan frede jaen?
Wa wit leart it minskdom it noch wol in kear.

Refrein 2x